

# Mefrou G. G. Faber-Hornstra ta oantinken

PIET HEMMINGA

Moarns ier op de Ljouwerter Sophialeane. De dize fan in moaie maatiidsdei hinget noch yn de stêd dy't noch mar krekt wekker liket te wurden. De fûgels sjonge lûd om elk it lok fan in prachtige dei te ferkundigjen. Mar it is omdôch. It hastige publyk hat dêr op dat plak en dy tiid gjin ear foar. Fytsers fleane nei it al yn de sinne blikkerjende NS-stasjon om de iere trein rjochting Zwolle en fierder te heljen. In griene NOF-bus bringt de minsken út de noardeasthoeke nei Fryslâns haadstêd. In grutte tankauto fan de Kondins siket syn paad rjochting Harns. Van Gend & Loos set krekt útein. En dan, midden yn dy lytse drokte fan in grize provinsjehaadstêd, ynienen in opfallende ferskinning. In dame yn in fjoerrede swierige mantel mei in grutte swarte hoed, in swiere tas mei papieren yn de hân, fuottelt oer de Sophialeane nei it stasjon ta. De stêd sjocht der op slach hiel oars út. De sinne skynt, de kleur is werom, de fûgels wurde heard, de wrâld is yn de stêd: in mefrou yn Ljouwert.

Ferskate minsken witte krekt wa't dy markante persoanlikheid is dy't moarns ier har sa opfallend ûnder it fierders grize publyk rjochting stasjon beweecht, of jûns let itselde paad bylâns wer op hûs oangiet. Net elk wit dat dy dame, moarns, oars as al dy oaren dêr't de wurkdei ek foar begjint, net fan hûs, mar al fan har kantoar komt. Dêr hat hja har stikken en dossiers byelkoar socht, it typewurk foar de 'famkes' klearlein en op de buro's fan de meiwurkers tsientallen kladblokkeltsjes mei oantekenings en oanwizings klearlein: 'Tink derom dat hjoed.....; Jo moatte yn de gaten hâlde...' Dy meiwurkers moasten yndertiid even muoite dwaan om har hânskrite te ûntsiferjen, dy rige fan tûzenen wurden op in kladblok, allegearre einigjend mei in lange horizontale streek. Steapels papieren 'mails' om it bestjoer oer Fryslâns keunst en kultuer rjochting te wizen.

Net elk hie yn de gaten wat dy mefrou fan moarns ier oant jûns let sa al by't ein hie. Wa, ek fan de ynwijden, hie weet fan it Beraad Nederlands Volksleven, it Beraad der Beraden of it NOGC? Mar elk wie wol dúdlik dat hjir in fenomeen drok dwaande wie, yn in tempo fan elk bewûndere, mar somtiden ek benearjend, lykas Watse Hiddema yn 1976 by har ôfskie as direkteur fan de Fryske Kultuerried skreaun hat. En net allinne it tempo, mien ik, mar foaral ek in arbeidzjen sûnder ein. Fan de iene gearkomste, kreas Frysk, mar in echt mefrou Faber-wurd, yn de oare. De iene sigaret nei de oare waard opstutsen. En om't der gjin tiid, of aardichheid wie om har oer it deistich iten drok te meitsjen, waard yn de rin fan de middei Dijkhof, beheader fan de teeskinkerij, skille, al wer sa'n echt mefrou Faber-wurd, mei it

boadskip oft er even in útsmiter boppe bringe woe. Tagelyk soarge Prinsetún-man Valk foar in prachtich boeket blommen, wylst de Ljouwerter plysje har soargen begûn te meitsjen oer de feiligens fan dy mefrou, jûns allinne noch op har post yn in doe sa tsjustere Prinsetún. Dat wie begjin fan de santiger jierren en net de noch nuete fyftiger jierren.

Fan dy eardere jierren bestiet in moaie foto as keninginne Juliana in besite bringt oan de Prinsetún. De twa generaasjegenoaten, dy't mear as ien ding mien hawwe, steane op dy foto. Beide binne hiel âld wurden; beide hawwe al dy feroarings en grutte foarfallen fan de tweintichste ieu meimakke, mar de oerienkomst is dochs foaral te finen yn it moderne wêzen, it op de takomst rjochte te wêzen sûnder it each foar it ferline te ferliezen. Beide seagen fierder en bereizgen mear as it eigen lân of de provinsje. Beide wienen hja warber yn in opgeande tiid. Beide hienen hja bannen mei Dútsklân en beide wienen, suver avant la lettre, emansipearre. De brúnzen kop dy't Guus Hellegers letter fan har makke hat, hat faker as ien kear de fraach oproppen oft dat soms de keninginne wie. En nei beide gie it omtinken út as hja earne derynkamen, en yn alle gefallen mefrou Faber makke dêr mar wat graach gebrûk fan. In keninginne en in grande dame de la culture.

Koartlyn seach ik noch de moaie foto dat mefrou Faber de jonge minister Andriessen op de Frisiana rûnlate yn 1963. En in tal wiken ferlyn seach ik har noch op in histoarysk filmke by Omrop Fryslân, doe't hja yn 1956 Hongaarske flechtlingen fertelde en útlis die oer it Frysk kostúm. Ik wit net oft dy flechtlingen dêr no just op sieten te wachtsjen, mar it byld fan de jeugdige mefrou Faber, yn har mid fourties, wie moai om te sjen. Hoefolle soenen dat byld sjoen hawwe en har mooglik ôffrege hawwe wa't dy frou wie? Hoefolle wisten noch fan mefrou Faber? It is de priis fan it hiel âld wurden, en dat jildt yn de hjoeddeiske tiid mei al syn flechtigens benammen, dat âlde minsken by it libben al ferjitten lykje te wurde. En as it ferpleechhûs dan ek noch de einbestimming is, is it net frjemd dat men sa no en dan frege wurdt: 'Sis, witst ek oft mefrou Faber noch libbet?' 'Jawis,' sei'k dan, 'en hja is noch altiten ynteressearre yn de dingen dy't yn Fryslân en de gruttere wrâld barre, èn, hja smookt noch altiten'. It mei trouwens rjochtfearnich neamd wurde dat hja, nei in libben fan stoef smoken en in massa gearkomsten yn blaurikkerige sealtsjes, krekt oan it smookferbod ûntkommen is.

En ik haw it net hân oer de delgong yn it bestean, it fertriet fan it ferpleechhûs of dy grutte krapaud op dat krúspunt fan



gongen, mei dêrnjonken de rollator en dêrop in jiskepantsje. Dy krapaud wie feitlik in soarte fan troan, mar wa fan de oare bewenners wist fan it ferline fan dy earder sa bewûndere mefrou? Wa wist fan de beide keninklike ûnderskiedings, Fryske parsepriis of departemintale medalje? Wa wist noch fan dat spetterjende ôfskie yn 1976 yn alle sealen fan de Ljouwerter Harmonie en yn oanwêzigens fan de steatssiktaris, kommissaris fan de keninginne, boargemasters en hiele kulturele wrâld fan dy dagen? Dat ôfskie soe letter de opset foar it earste Frysk Festival leverje.

Mefrou Faber is yn al har 93 libbensjierren jong fan hert bleaun. 'Ik haw neat mei âlde minsken' hat hja my wolris sein. En foaral neat mei ûnnoazel âldwivepraat of mei Lingo, ien fan dy ûnnoazele televyzje-sputtsjes dêr't hja yn de earste jierren yn Parkhove mei konfrontearre waard. Hjoeddeiske televyzjeterreur. Har belangstelling gie foaral út nei de moderne wrâld, hja fitere benammen jonge keunstners oan, en hja woe, ek doe't hja al yn Parkhove wie, witte wat der sa al spile yn de kulturele en bestjoerlike wrâld fan Fryslân. En dêrbûten. It is net om 'e nocht dat hja al heech yn de tachtich noch altiten foarsitter wie fan in lanlike kulturele organisaasje.

Leo van Ommen, foarsitter fan de nei him neamde kommisje Fryske taalpolityk en waarnimmend direkteur-generaal fan CRM, wie in freon, dy't goed tsien jier letter skreau dat mefrou G. Faber-Hornstra him 'met haar gemoedelijke vasthoudendheid in haar Kultuerried, inzicht in het wezen van de Friese cultuur leerde', en fierders, 'mèt het uitdelen van Friese duimpjes ons met

Friese cultuur voedde.' Wat ik fan bestean, wurk en libben fan mefrou Faber meimakke haw, tink ik sizze te kinnen dat hja mear mei manlju as mei froulju hie. Har wurk yn de kostúmkommissje of it Jier fan de Frou, en har respekt en wurdearring foar de 'famkes', earst op kantoar en ek letter yn Parkhove, nimme net wei dat hja har dochs foaral op har gemak fiede tusken de mannen. Mannen dêr't hja faak yn besletten en fertroude rûnte in útsprutsen oardiel oer hie. Guon doogden en oaren doogden net.

Ta it earste skift hearden, yn wapperjend habyt op de skooter, pater Halvard Hetteema OFM, de aimabele en kundige dr. H. G. W. van der Wielen, notaris Bauke Tuinstra, skilder Bouke van der Sloot en de jonkhear dy't in te betiid ein tefoaren kaam troch har op glêde diken út de auto fan brokke-piloat dr. W. Kok te rêden. Dat lêste barde op ien fan de reizen nei East- of Noard-Fryslân. Dat wienen doe noch echte reizen, mei in slachbeam yn Nijeskâns en in mefrou Faber dy't, lykas safolle oaren, mar wol sûnder it deistich wurk ek mar in tel los te litten, even tiid hie foar smout petear en sels in miel waarm iten.

Ta dy befreone mannen hearden ek, letter yn de tiid, de fjouwer mannen dy't, nei har pensjonearring, alle jierren op twa jannewaris rjochting Harnzerstrjitwei reizgen om de jierdei fan mefrou Faber te fieren. Dat hawwe foar dat selskip, en om mear as ien reden, memorabele jûnen west. Dy twadde jannewaris is foar in jierdei trouwens net sa'n slagge datum, sà flak nei de krystdagen en âld en nij. Mar hja wie dat har hiele libben al wend, sei hja. Tagelyk binne dy jierdeidatum en nijjierswinken,



dy't ek jierdeiswinsken wienen, symboalysk foar in iensumens dy't it libben har ek brocht hat. Nettsjinsteande it sukses en oansjen en briefkjen mei ûnderskate minsken hat mefrou Faber faak allinne west en dat net allinne as hja jûns let, en nei in drokke dei mei wihoe folle meetings, wer yn in donker hûs werom kaam. Fansels, it wurk wie oe sa drok en soarge dat der gjin tiid wie foar sosjale kontakten of ûntspanning. Straks ommers wêr in gearkomste! Mar dy iensumens hat tagelyk it ekskûs oanrikt om mar wer gau en altiten oan it wurk te gean. Dy iensumens stiet grif ek net hielendal los fan aard en wêzen, dy't earst yn letter jierren de mei it âlder wurden gearhingjende myldens brochten. Trou oan wurk en idee wie it skaaimerk fan it in soad dwaan en in bytsje litten fan mefrou Faber. Dy trou hat ús ta de ein mei-elkoar ferbûn.

April 2004. Op'e nij in maaitiidsdei. De fûgels tsjuereljerkje har blierens oer de nije dei. De beammen binne fongen yn it maaitiidsgrien fan in splinternij blêdetek. Sophialeane en NS-stasjon binne nei al dy jierren feroare en tagelyk itselde bleaun. Mar it byld fan in grande dame dy't op reis giet nei Amersfoort, Utert of fierder, is foarby, foargoed foarby. Har hûs oan de Harnzerstrjitwei stiet der noch praktysk ûnferoare en de Prinsetún wurdt krekt wer opknapt. It eardere kantoar yn de Grutte Tsjerkstrjitte is prachtich renovearre ta trije eigentiidske apparteminten. Dêr wennet no âlderein, mar it libben is der út. De drokte fan moarns ier oant jûns let kommende en geande lju bestiet net mear. En der steane gjin auto's mear parkeard foar nûmer 41. Ek net in grize Renault R 8 of in krème-giele Daf 55 Kúpee. Alles feroaret. Neat bliuwt. It hat west.

Op de Harnzerstrjitwei en Sophialeane, yn de Grutte Tsjerkstrjitte en Prinsetún, yn Amersfoort, Aurich, Husum, Ljouwert en Utert lizze tûzenen fuotprinten fan mefrou Faber. Dy printen binne mei it bleate each net te sjen, mar dy't mefrou Faber kennen en meimakke hawwe witte dat dy fuotprinten dêr bliuwend lizze. Mei respekt en wurdearing tink ik werom oan mefrou Faber-Hornstra, in grande dame de la culture!

Mefrou Gertrud Geartsje Faber-Hornstra waard op 2 jannewaris 1911 berne yn Essen (D) en ferstoar op 24 april 2004 te Ljouwert. Hja wie fan 1952 oant 1976 direkteur fan de Fryske Kultuerried.